

PERSBERICHT

Nûmer:

Datum: 22 april 2025

Provincie Fryslân wil verlenging Fûns Skjinne Fryske Enerzjy tot en met 2034

Energieprojecten, bedrijven, en agrariërs in Fryslân krijgen vijf jaar langer de mogelijkheid om een lening of participatie te ontvangen uit het Fûns Skjinne Fryske Enerzjy (FSFE) voor duurzame energieprojecten. Het college van Gedeputeerde Staten stelt voor de looptijd van het fonds te verlengen tot en met 2034. Provinciale Staten besluiten hier in juni over.

Het FSFE werd in 2014 opgericht door de provincie Fryslân om de Friese energietransitie te versnellen. Het fonds ondersteunt projecten die moeilijk financiering vinden op de markt, zoals lokaal eigendom bij zon- en windprojecten, mono-mestvergisters en energieopslag. Daarnaast verstrekt het fonds verduurzamingsleningen aan Friese ondernemers.

Gedeputeerde Sijbe Knol (Energie): *"It FSFE is fan grutte wearde foar de Fryske enerzjytransysje, benammen by projekten dêr't kommersjele ynvestearders minder gau ynstappe. Troch it fûns kinne lokale enerzjy-ynisjativen yn Fryslân fan 'e grûn komme. Dêrom wolle wy it fûns fiif jier langer trochsette, mei de fokus werom nei de basis: it stypjen fan enerzjyprojekten."*

De afgelopen tien jaar investeerde het FSFE in totaal €130 miljoen in Friese energieprojecten. Bij maar liefst 40% van de gerealiseerde opwekprojecten in de provincie speelde het fonds een rol via een lening of participatie. Door de revolverende werking van het fonds – waarbij aflossingen opnieuw worden ingezet – is voor de verlenging geen extra provinciaal geld nodig. Jaarlijks kan het FSFE hiermee tussen de €10 miljoen en €15 miljoen aan nieuwe financiering verstrekken.

PARSEBERJOCHT

Nummer: 029 KV
Datum: 22 april 2025

Provincie Fryslân wol ferlinging Fûns Skjinne Fryske Enerzjy oant en mei 2034

Enerzjyprojekten, bedriuwen en agrariërs yn Fryslân krije fiif jier langer de mooglikheid om in liening of partisipaasje te ûntfangen út it Fûns Skjinne Fryske Enerzjy (FSFE) foar duorsume enerzjyprojekten. It kolleezje fan Deputearre Steaten stelt foar de rintiid fan it fûns te ferlingjen oant en mei 2034. Provinsjale Steaten beslute hjir yn juny oer.

It FSFE waard yn 2014 oprjochte troch de provinsje om de Fryske enerzjytransysje te fersnellen. It fûns stipet projekten dy't dreech finansiering fine op de merk, lykas lokaal eigendom by sinne - en wynprojekten, mono-dongfergisters en enerzjy-opslach. Dêrneist jout it fûns ferduorsumingslieningen oan Fryske ûndernimmers.

Deputearre Sijbe Knol (Enerzjy): "It FSFE is fan grutte wearde foar de Fryske enerzjy-transysje, benammen by projekten dêr't kommersjele ynvestearders minder gau ynstappe. Troch it fûns kinne lokale enerzjy-ynisjativen yn Fryslân fan 'e grûn komme. Dêrom wolle wy it fûns fiif jier langer trochsette, mei de fokus werom nei de basis: it stypjen fan enerzjyprojekten."

De ôfrûne tsien jier ynvestearre it FSFE mei-inoar €130 miljoen yn Fryske enerzjyprojekten. By mar leafst 40% fan de realisearre opwekprojekten yn de provinsje spile it fûns in rol fia in liening of partisipaasje. Troch de revolvearjende wurking fan it fûns – wêrby't ôfflossingen op'e nij ynset wurde – is foar de ferlinging gjin ekstra provinsjaal jild nedich. Alle jierren kin it FSFE dêrmei tusken de €10 miljoen en €15 miljoen oan nije finansiering jaan.